

PARSEBERJOCHT

**Populêr wittenskiplik boekwurk oer Stedsk
Crone krijt earste eksimplaar “Oorsprongen fan it stedfrysk”**

LJOUWERT, 10 maart 2009 - De Fryske Akademy presintearret yn gearwurking mei it Histoarysk Sintrum Ljouwert (HSL) op woansdei 18 maart oankommend it boek *Oorsprongen van het stadsfries*. Ferd Crone, boargemaster fan de gemeente Leeuwarden, sil it earste eksimplaar fan it boek oanbean krije. De oanbieding is ûnderdiel fan in feestlik programma, dat fan 16.00 oere (seal iepen fan ôf 15.45 oere) ôf yn it HSL oan de Grienewei 1 yn Ljouwert plakfine sil.

Fansels binne der al in protte boeken oer it Stedfrysk skreaun. It bysûndere oan it boek *Oorsprongen van het stadsfries* (printe troch de AFUK) is dat it net allinne op populêr wittenskiplike wize it Stedfrysk yn stêden as Ljouwert, Snits en Boalsert beskriuwt, mar dat it ek wiidweidiger dien is as oait tefoaren. It Stedsk wie yn in grut part fan de 20e ieu de wichtichste omgongstaal yn dizze Fryske steden. De identiteit en de oarsprong fan it Stedsk hawwe lang ûnderwerp fan diskusje west. Is it Nederlânsk yn Fryske mûle? En sa ja, is dat dan in goed slagge besykjen fan Friezen om Nederlânsk te praten of wie dat besykjen earne op healwei stykjen bleaun?

Oan de hân fan wittenskiplike ynsichten oer taalkontakt hifkje de skriuwers it aard fan de taalkundige skaaimerken fan it Stedsk. En wiidweidiger as earder dien is, beflappe se de hiele breedte fan útspraak, wurdskat, foarmleare en sinbou. Wichtige oanfolling dêrby is dat ek ferlike wurdt mei âlder Frysk en Nederlânsk. It Stedsk is ommers yn de 16e ieu ûntstien. De útkomst is sadanich, dat de auteurs it hawwe wolle oer de “Oorsprongen” yn it meartal. De konklúzje is:

“Het Stadsfries is [...] ontstaan doordat Friezen Nederlands probeerden te leren [...] Hoogstwaarschijnlijk hebben het Stadsfries en het Nederlands, specifiek het Noord-Hollands, in de 16e eeuw sterk op elkaar geleken. [...] Na het ontstaan van het Stadsfries moeten we rekening houden met een blijvende Friese [...] invloed [...] en een toenemende invloed van de vooral sinds de 19e eeuw gevestigde Nederlandse standaardtaal.” (p. 217).

Bibliografyske gegevens *Oorsprongen van het stadsfries*

Cor van Bree & Arjen P. Versloot, met medewerking van Rolf H. Bremmer jr. *Oorsprongen van het stadsfries*, with an extensive summary. Fryske Akademy – Afûk, Ljouwert 2009. NUR 300. ISBN 978-90-6273-801-4